

Aldjier 2007

**Frysk Oekumenysk Wurkferbân Itens e.o.
Snein 30 desimber 2007**

I 'Ynlieding: 't Jûnet al'

Bêste minsken,

op dizze lêste snein Anno Dominy 2007, yn 'e foarjûn fan âldjiersdei, komme wy der net ûnderút om it âlde jier te beskôgjen. Ik wit wol dat wy hast sêd binne fan alle geëamel oer it ôfrûne jier. It liket wol dat kranten en telefyzje yn de perioade fan Kryst en Ald-en-Nij gjin oare ûnderwurpen mear fine kinne. It iene jieroersjoch jaget it oare: fan nijs en sport. En dan de ferkiezingsen fan sportman en frou, fan politikus fan it jier (mei de Heare God it ús lân ferjaan, sa'n útslach). En de iene kwis oer it ôfrûne jier jaget de oare. En it giet mar troch. Wy litte ús mar al te graach fermeitsje en wy litte ús oer fan alles mar wat wiismeitsje. En dan dy ivige reklame foar en nei. It ropt en it raast mar troch.

Mar spitigernôch giet it eins nea oer ússels. It giet ommers altyd oer oaren. Wy wurde fermakke mar komme oan ússels net ta. It liket faaks ûnskuldige ferdivedaasje mar yn werklikheid is it gefaarlike ideology. Wy wurde folpompt mei mieningen en gedachten oer hoe't wy it libben en it ôfrûne jier beskôgje moatte.

Ek al wolle wy der net oan, dochts komme wy der net ûnderút. Dêrom sille wy fan 'e moarn dochts ompiele mei tiid en ferline. "Uren, dagen, maanden, jaren" binne helpmiddels om de tiid de baas te wurden en te bliuwen. Wy kinne as minsken net oars as te libjen mei hjoed, mei juster en moarn. In sitaat fan de dichter Willem Barnard stiet op it liturgyboekje fan it moarns- en jûnsgebed yn it seminaarje (fan de Prot. Tsjerke) Hydepark: 'Wie de getijden vergeet, wordt door de tijd overspoeld'. It is net de sé dy't ús hjoed-de-dei yn Fryslân oerspielt, mar it is de tiid. Wy giselje der efteroan, sûnder te witten wêrhinne it giet.

Hjoed is it de lêste snein Anno Dominy 2007. De foarjûn fan âldjiersdei. 't Jûnet al ...

- Gerrit Breteler sjongt 'De jûn'.

't Jûnet al, de reade sinne sakket
en oan 'e kimen wurdt 't al wat skier.
De rook fan hea dy't wat weemoedich makket,
bringt âlde tiden wer fertroud en fier.

't Wite waskguod op steile rakken,
as bedoeïnetinten sûnder sier.
De âlde manlju yn te lytse pakken,
't lûd fan bernestimmen heech en blier.

Ik bin net lyts mear en der is gjin haven,

gjin hagedoarnen en gjin fêste grûn.
De wrâld is grut,
de libbenssirkel rûn.

Tiid en ferline meitsje ús ta slaven
Wy bliuwe finzenen troch leafde bûn.
De sinne sakket
't wurdt al jûn.

- Lêzing: Preker 1: 1-11/5: 7-17

- Gerrit Breteler sjongt 'It Jûnsliet'.

Neat is nij ûnder de sinne.
'k Sis de âlde preker nei.
Alles wêr 't wy oan begjinne.
't Wie al dien en rekket wei.

Alles wat men by de ein hat,
hat úteinlik slot noch sin.
Dy 't de hiele wrâld trochflein hat.
Komt wer út by it begjin.

Alles dat men ea bestribbe.
't Wie fergees en om 'e nocht.
Wêr ta hat in minske libbe
as it der gjin sprút ta docht.

Hoefolle kranten wur' der lêzen.
Hoefolle boeken bin' der skreaun.
En dochs is op ierd' yn wêzen
neat net by it âlde bleaun.

Lit ûs dan yn frede dreame
fan in Eden sûnder slang.
En gjin goed en kwea beneame.
Efkes frij fan drang en twang,

Hear se roppen, hear se razen.
Wyld oerdwealsk en fanatyk.
Hear, de wrâld sit fol mei dwazen.
Slaven fan 't wurd gelyk.

II Hear se roppen, hear se razen

1. Bêste minsken,

de Preker is net in fleurich sprekker. Of it no de soan fan David is, Salomo sels, of in hiele tradysje yn syn spoar, hy bringt gjin maklike ferdivedaasje, hy sjongt gjin fleurich deuntsje. Hy beskôget it libben trystich. Hy is tsjuster te moede. Sa'n ien dy't mei ien opmerking de stimming op in feestje fersprutse kin. It is allegearre neat, neat mei neat. Lucht en leechte!

De preker seit dit fansels net samar. Hy sprekt út ûnderfining. Hy hat alles dien, hy hat alles besocht, hy hat alles meimakke wat der yn de wrâld mar mei te meitsjen is. Hy hat it besocht mei de wille; hy hat besocht syn lichem te ferkwikken mei wyn; hy ûndernaam grutte dingen, boude huzen, plante wyngerds, lei tunen en parken oan mei prachtige wetterfivers; hy kocht slaven en slavinnen; brocht alle sulver en goud byinoar; hy wegere syn eagen neat dat se fregen, ek en foaral it geniet fan froulju net.

Mar eintsjebeslút seach hy nei it wurk fan syn hannen, en seach dat der neat te winnen is ûnder de sinne. Wat hâldt in minske oer fan al syn skreppen en skuorren? It is allegearre jacht meitsjen op wyn: 'Ik gean ommers likegoed dea as de dwazen en de earmen. Ik moat likegoed alles út hannen jaan en neilitte oan myn opfolger.'

It lêste himd hat gjin bûsen. En de preker fersuchtet: alle dingen meitsje sa wurch.

2.

Foar alle dúdlikheid, bêste minsken, dit is net it praat fan earne minsken dy't fjochtsje foar har takomst. Dit is net it praat fan de ienfâldigen dy't longerje op in bytsje foarútgong. Dit is net it praat fan minsken dy't slein en skeind binne troch it libben. Sok praat hearre jo net yn de slums fan Rio de Janeiro, ûnder de ferrustke sinken dakken yn Kameroen, of by it proletariaat yn de fabriken fan Peking. Dizze wurden fan de Preker binne hast op it elitêre ôf. Alles neistribbe, alles meimakke, gjin né te keap, en dochs wurch fan alles.

Sadwaande binne dizze wurden krekt hiel goed te plak yn ús elitêre mar tryste libben en yn ús rike mar swiermoedige maatskippij. Wy libje ommers wól yn sa'n wrâld, sa'n wrâld fan gjin né te keap. Wy libje ommers yn in wrâld dy't stiif stiet fan wielde, fan rykdom, fan rekreaasje, fan mooglikheden en útdagingen, fan reizgjen en kommunikaasje en wat net mear. De wurden fan de Preker passe yn ús kontekst. Wy moatte it hearre. Wy kinne der miskien ús wiisheid mei dwaan.

Wy kinne fan de Preker leare dat wy eintsjebeslút allinnich mar dwaande binne mei it jacht meitsjen op 'e wyn, mei neatichheid, mei idelens. Hy hie de wiisheid om ûnder eagen te sjen dat der gjin heil komt fan al dat geskrep, gjin foldwaning fan sokke grutskens.

Mar wy roppe boppe ús eigen tekoart út. Dat wy raze om de leechte mar net te hearren. Wy binne drok en fanatyk dwaande om ússels te bewizen. Om sjen te litten hoe wiis, hoe grut, hoe moai, hoe ryk, hoe wichtich wy wol net binne. Om mar net dy wurden te hearren dat eintsjebeslút alles neat mei neat is. Dat alles ús allinne mar wurch makket. Dat wy gewoane minsken binne wêr't neitiid net mear oer tocht wurde sil.

3.

Want dat lykje wy te dwaan. It liket wol dat wy yn ús maatskippij ien grutte striid fjochtsje tsjin de neatichheid. Wy meitsje ússels wiis, dat it sin hat; dat wy wat betsjutte; dat wy in stien ferlein hawwe. Elkenien moat spesjaal wêze en prestearje, oars ha jo eins gjin rjocht om te bestean.

En wy mar wrotte en wrame, wy mar roppe en raze. Oerdwealsk en fanatyk. Ek hjir yn Fryslân.

Wy moatte foaral meidwaan. Wy moatte mei yn de 'vaart der volkeren'. Wy meie net efterbliuwe. Wy binne al sa lyts en beheind, no. En dus wurdt alles offere op it alter fan de rykdom, fan de saneamde foarútgong, fan elke wyn dy't fan bûten mar oanwaaien komt. Want wy moatte meidwaan kinne.

Wy litte ús lânskip fersuterje, wy kwakke oeral asfalt en huzen del, en hast noch slimmer, as poddestuollen sjitte oeral fan dy ferskriklike loadsen op. Doarpen en stêden wurde der únsjoch fan. Us skiednis wurdt oan nimmen noch trochjûn. Wy ha gjin weet mear fan wa't wy binne. Om fan ús taal mar net te sprekken. Wy passe ús oan, as blêden oan in beam.

Sa kinne wy ek meidwaan. Roppe en raze.

Lûd balte, sa't de kij dat eartiids yn it lân diene.

Sa kinne wy ússels wiismeitsje dat wy ek meidogge

Sa fjochtsje wy foar de eangst fan de leechte.

Sa drave wy hurd, hurder, hurdst... sadat de wurden fan de Preker ús mar net ynhelje kinne: Neat mei neat, it is allegearre neat.

Gerrit Breteler sjongt 'Lit ús dêrom drinke'.

Foar alles is in oere,

foar alles is in tiid.

Alles giet nei 't selde plak,

mei as sûnder striid,

Der is in tiid fan laitsjen

en dy tiid is samar om.

In tiid om te fergriemen.

Dy krijst' nea wer werom.

Alles is sa brekber.

Alles ûnfolslein.

Tûzen wurden sprutsen

en dêr is neat mei sein.

Tútsje mei de mûle,

want leafde is as wyn.

Dyn treast en ek dyn pine,

der earne tusken yn.

Lûd balte de dwazen,

want har wierheid makket frij.

Mar wat al te maklik wûn is,

is like gau wer wei.

Lit ús dêrom drinke,

want de dei lûkt nei de jûn,

En de leafde wurdt grif earder,
as de wierheid fûn.

In libben sûnder wiisheid
is in libben sûnder ljocht.
In libben sûnder leafde
is in libben om 'e nocht.

Lit ús dêrom tinke,
no't it winter wurdt en kâld.
Lit ús dêrom drinke,
foar wat frede yn 'e wrâld.

Alles is sa brekber.
Alles ûnfolslein.
Tûzen wurden sprutsen
en dêr is neat mei sein.

Treastichje mei wurden,
kear de kâlde wyn.
Hoedzje ús foar fallen,
tsjin better witten yn.

III. Alles is sa brekber, alles ûnfolslein

1.

Bêste minsken,
nettsjinsteande alle drokte en ynspanning om ússels te bewizen, nettsjinsteande al ús skreppen om de ûnútsteanbere leechte in stap yn it foar te bliuwen, nettsjinsteande de selsfoldienens dy't troch gjin inkelde selsspot en humor pleage liket te wurden, witte wy dochts allegearre hiel sekuer dat ús wrâld kwetsber is, en ús libben wif. Dêr kin gjin grutskens, gjin selsfoldienens, gjin razernij tsjin op. Alles is sa brekber, alles ûnfolslein.

Yn ús maatskippij liket it sa goed te gean. Wy iten en drinke, ha in hûs en in auto. Us bern gean nei skoalle, de dokter of soarch om 'e hoeke. Wy ha alles organisearre en regele. En dochts falt it libben faak net mei, falt it ús sa tsjin. Ek al ha wy alle mooglike kommunikaasje middels, dochts giet it faak ferkeard yn de kontakten en yn 'e kommunikaasje. Yn alle rykdom fiele wy ús faak leech en earm. Mei alles foar inoar falle ús houliken en relaasjes út inoar. Mei alle mooglikheden ta ûnderwiis, ha wy it gefoel hieltyd minder te witten. En mei alle technyske stipe yn hûs en op it wurk, binne wy sa ferskriklike drok. En mei safolle rekreative mooglikheden binne wy dochts sa ferskriklike wurch. Alles regele, alles foar inoar, mar gjin doel yn it libben. Gjinn foldwaning, gjin rêst, gjin 'spirit'.

Wy ha allegearre sa langsumer hân de djoerste en modernste slieperij. Gjinn âld bêd mear mei wat tekkens. Mar tagelyk krije in soad minsken gjin wink yn 'e eagen.

It liket wol dat wy de Preker hearre:

'Swiet is de sliep fan in arbeider

mar de rike kin net sliepe, sa sêd is der.’

Sa sêd binne wy wurden. Bestjurre op ús eigen grom. Der wurdt klage oer drank en drugs fan de jongerein. Mar oan it tal sedativen dat wy oerdei en foaral ‘s nachts brûke komt gjin ein.

2.

Yn ‘t earst liket it boadskip fan de preker sa tryst, sa negatyf en berêstend: ‘Alles neat mei neat?’ Mar as wy dit beskôgje yn ús kontekst, dan kin it ek in ferlossing wêze. Dan kin it ticht yn de buert komme fan in bliid boadskip. Nammentlik, dat wy net hoege te wrotten en te wramen om ús te bewizen. Dat wy net hoege te roppen en te razen hoe moai, hoe grut, hoe geweldich, hoe ryk wy wol net binne om sa ús bestean te fertsjinjen.

It kin in befrijing wêze om te beseffen dat ús libben en dat ús bestean oan ús jûn is troch God. Dat wy dat fergees en foar neat krije. Neaken komme wy út de memmeskurte en neaken moatte wy werom nei it plak wêr’t wy weikomme. En dêrtuskenyn meie wy libje yn de tiid dy’t ús jûn is. Sa ienfâldich. En wy meie yn dy tuskentiid libje en boartsje.

Jawis, dat libben is brekber en ûnfollein. It libben is faak gemien en hurd. It is ûnreedlik en ûnrjochtfeardich. Wy steane somtiden samar neaken yn ‘e kjeld en mei lege hannen. De Preker sjocht dat en treastet ús mei de wurden: ‘It is in slim moedsum wurk, dat God jûn hat oan ‘e minskebern... Wy ha in grut begryp, mar kinne lykwols begjin en ein fan Gods wurkjen net útfine’.

3.

Sykje dêrom gjin heil yn wrotten en wramen, yn roppen en razen want eintsjebeslút sil bliken dwaan dat it jacht meitsjen is op de wyn, neat mei neat is. Mar sykje yn alle kwetsberens en ûnfolleinens dêrom om wiisheid en leafde. Dat is de iennige remeedzje dy’t de Preker jaan kin. Wiisheid is fansels gjin kennis, net samar efkes op te fandeljen op ynternet. Né, wiisheid is in wize fan libjen dy’t omgean kin mei ús neatichheid. Wiis wêze betsjut goed om te gean mei it brekbere en kwetsbere yn it libben. En wiis wêze betsjut foaral ek goed om te gean mei it gelok, mei it moaie, mei de pracht fan it libben. ‘As in minske yt en drinkt en fan it goede genietet by al syn skreppen, dan is dat in jefte fan God’. Dit haw ik sjoen as in goede en treflike saak seit de Preker: ‘ite en drinke en it goede genietsje!’

En eintsjebeslút, wiis wêze betsjut dat wy ús libben doare oer te jaan oan de leafde.

In libben sûnder wiisheid
is in libben sûnder ljocht.
In libben sûnder leafde
is in libben om ‘e nocht.

Sa klinke hjir hjoed de wurden fan de Preker nei
yn de foarjûn fan âldjiersdei Anno Dominy 2007.

Amen.

(ds. Hinne Wagenaar)